

# Stichting Tillehûs

---

Soms kin ik it amper leauwe : it is ús slagge, Tilsters, wy ha in nij MFA Tillehûs ! It gebou is klear, it is fan ús ! De ôfwurking fan binnen, bûtenom en it skoalplein moat noch it ien en oar oan gebeure. Flierbedekking lizze, it lêste skilderjen, ynrjochtsje, ynklaaie, it taaie gefjocht om de tillefoan en data boel ynoarder te krijen, der is noch hiel wat te dwaan. Der wurde noch dingen makke, oare saken moatte noch besteld wurde, mar wachtsje op de eventuele subsidyje. De bou gie tige flot, de sinteraasje bliuwt dreech. Wer grypten we njonken in fikse subsidyje. De Gemeente is fan goede wille, mar sit ek mei in lege knip. Sa is der no gjin jild foar de taseine ekstra parkearplakken .

Hertferwaarmjend binne de bydragen út it doarp. Grutsk binne we op de prachtige tegels foar de yngong, dy't we op kosten fan in sponsor útsykje mochten ! Hoe as wat kinne jo sjen op ús webside, dy't we ek sponsore krije. Wat net op de thermometer stiet, is de selfwurksumheid dy't troch bestjoer en kommisjes dien wurdt. Se wolle it gjin fan allen wurd ha, mar de ynset fan dizze minsken fertsjinnet in soad respekt en ús tank !

Der moat noch it ien en oar dien wurde, wy rekkenje der op dat der wer in legerke frijwilligers fûn wurdt om de lêste dingen meielkoar klear te krijen !

Nei de bou fak begjint de ferhuzing. De sport, it doarpshûs, fysiotherapie, dokter, jeugdwerk, logopedie, thússoarch, GGD....der moat hiel wat oer ! As de skoallen wer begjinne moat de ferhuzing klear wêze. Dan noch in oantal wiken ynslingerje, proefdraaie, en as alles goed wurket, kinne we ús nije ûnderkommen meielkoar feestelik iepenje. Ús skatting is dat dat lêst oktober wurdt. Tsjin dy tiid witte we hooplik allegear hoe't it gebou oanfielt. Hoe't it ús past. Hoe't it ús fan jong oant âld, in waarm en fleurich wolkom biedt.

Ús prachtige nije Tillehûs, wy wurde der nó al bliid fan !!

Út namme fan it bestjoer, Lys visser, foarsitter.